

doopsgezinde
gemeente
leeuwarden

Meniste Gemeente Ljouwert


22 augustus 2021

Foargonger: Geeske Bies

Oargelist: Folkert Binnema

Sjongers: Roeland Sprey en Baukje van Dijk

thema: *Wat is goed?*



* Meidielings en oanstekken fan de kears

* Bemoediging

F: Fan God is de ierde

A: de wrâld en al wat der libbet

F: Sjoch, hoe goed en kostber as it is

A: as minsken yn goede harmony mei inoar omgeane

F: Goedens en trou moetsje inoar

A: Gerjochtichheid en frede geane hân yn hân

F: As de tsjanners fan de Hear swije soene

A: soene de stiennen it út roppe

F: Heare, iepenje jo ús lippen

A: en wy sille jo lof ferkûndigje en fan jo goedens sjonge

AMEN

*Koarte ynlieding op it tema

en lêzing fan psalm 15 mei de wurden fan Huub Oosterhuis, oerset yn it Frysk.

*Sjonge

Om Jo te earjen komme wy hjir, Heit

NFL 274: 1-3

1 Om Jo te ear-jen kom-me wy hjir, Heit,
wy skûl-je wei as fû-gels yn it reid.
Wy syk-je nei in liet dat waarm-te jout.
Mei de fer-ha-len fie-le we ús fer-troud.

2. Untfermje jo, kyrie eleison,
wês ús neiby, sjoch yngeand nei ús om,
kom mei jo frede, jo barmhertichheid,
dêr't alle leafde fan 'e wrâld yn leit.

3. Wy sjonge mei-inoar Jo ús gloarje ta,
bliid mei it libben, dat we inoar noch ha.
Jou ús besieling om jo wei te gean,
de glim fan jo genede oer ús bestean.

* Gebet

* Sjonge

Wy komme foar jo antlit gear

NFL 281: 1, 2, 3, 6 en 10



1 Wy kom-me foar jo ant-lit gear.
Hâld Jo it each op ús, o Hear:
Ky-ri-e e-lei-son!

2. Oerfalt ús tsjusternis of lêst,
Hâldt ús dan yn jo goedens fêst:
Kyrie eleison!

3. Ferskyn as 't kommen fan 'e moarn,
O sinne, draach jo ljocht ús oan:
Kyrie eleison!

6. Jo strieljend antlit, dat ús socht,
Set hiel ús libben yn jo ljocht,
Amen, Halleluah!

10. Set Jo ús herten yn 'e brân!
Fertreaste gean wy oan jo hân.
Amen. Halleluah!

* Bibellêzing AT

Deutronomium 10: 12-20

Iksels stie like lang op 'e berch as de earste kears, fjirtich dagen en fjirtich nachten en ek diskear ferhearde de Heare my en Hy seach der fan ôf dy om te bringen. Doe sei de Heare tsjin my: Meitsje dy klear om op reis en gean foar dit folk út, dat hja it lân, dêr't Ik har foarfaars fan sward haw, dat Ik it harren jaan soe, yngeane en yn besit nimme. En no, Israel, wat freget de Heare dyn God oars fan dy, as datst ûntsach hast foar de Heare dyn God en yn al syn wegen giest, datst Him leafhast en de Heare dyn God tsjinnest mei dyn hiele hert en dyn hiele siel, datst de geboaden fan de Heare en syn foarskriften neikomst, dy't ik dy hjoed oplis ta dyn eigen bêst? Sjoch, fan de Heare dyn God is de himel, ja, de allerheechste himel, de ierde en alles dat dêrop is. Mar allinne oan dyn foarfaars hat de Heare Him ferbûn, mei't Hy har leafhie. Hy hat har neiteam nei har – dat binne jimme – út alle folken útkeazen. Sa is it hjoed de dei. Besnij dan de foarhûd fan jim hert en wês net langer dôfhûdich. Want de Heare jimme God is de God fan de goaden en de Hear fan de hearen, de grutte, machtige en freeslike God, dy't gjinien nei de eagen sjocht en dy't net omkocht wurde kin; dy't de wees en de widdo rjocht docht en de frjemdling leafhat, dat Er him brea en klean beskikt. Dat jimme moatte de frjemdling ek leafhawwe, want ek jimme hawwe frjemdingen west yn Egypte. De Heare dyn God moatst ûntsach foar hawwe, Him moatst tsjinje, dy oan Him fêsthâlde en by syn namme swarre.

Net als de eerste keer heb ik dus veertig dagen en nachten op de berg doorgebracht, en ook ditmaal gaf de Heer mij gehoor: hij besloot u te sparen. En de Heer zei tegen mij: 'Ga aan het hoofd van het volk weer op weg, dan kunnen ze het land binnengaan dat ik hun voorouders onder ede heb beloofd, en het in bezit nemen.'
Israël, bedenk dus dat de Heer, uw God, niets anders van u vraagt dan dat u ontzag voor hem toont, dat u de weg volgt die hij u wijst, dat u hem liefhebt, hem met hart en ziel dient en zijn geboden en wetten, die ik u vandaag voorhoud, naleeft; dan zal het u goed gaan.
De Heer, die vrij kan beschikken over de hoogste hemel en over de aarde en alles wat daarop leeft, heeft toch alleen voor úw voorouders liefde opgevat en uit alle volken juist u, hun nazaten, uitgekozen!
Besnijd daarom uw hart en wees niet langer halsstarrig. Want de Heer, uw God, is de hoogste God en Heer. Hij is de grote, de machtige, de ontzagwekkende God. Hij handelt zonder aanzien des persoons en is onomkoopbaar; hij verschaft weduwen en wezen recht, neemt vreemdelingen in bescherming en voorziet hen van voedsel en kleding. Ook u moet vreemdelingen met liefde behandelen, want u bent zelf vreemdelingen geweest in Egypte. Toon ontzag voor de Heer, uw God, dien hem, wees hem toegedaan en zweer alleen bij zijn naam.

* YouTube

Herre visa mig vägen

[Taizé New Songs 2020 \(Acoustic\) - Herre, visa mig vägen](#)

Herre visa mig vägen, Herre visa mig vägen

Och gör mig villig att vandra denn

Herre visa mig vägen, ge mit hjärta ro

Seigneur, montre-moi le chemin et prépare-moi à le suivre. Donne-moi la paix du coeur.

Lord, show me the way and make me ready to follow it. Give peace to my heart.

Herr, zeig mir den Weg und mache mich bereit, auf ihm zu gehen. Gib meinem Herzen Frieden.

Señor, muéstrame el camino y prepárame para seguirlo. Dale paz a mi corazón.

Signore, mostrami il cammino e preparami a seguirlo. Donami la pace del cuore.

Heare, wiis ús jo wegen, en stypje ús om jo wei te gean. Heare, wiis ús jo wegen, skink ús frede, Hear

* Bibellêzing NT

Markus 7: 1-23

Op in kear kamen de Fariseeërs en inkelde wetlearaars út Jeruzalem mei-inoar by Him.

Hja seagen guon fan syn learlingen brea-iten mei ûnsuvere hannen, dat wol sizze mei hannen, dy't se net foartiid wosken hienen. No sille de Fariseeërs en alle oare Joaden grif net ite, of se moatte earst hanwaskje, want se hâlde har krekt oan wat de foarâlden har oerdien hawwe. Komme se fan 'e merk, se sille net ite, foar't se hanwosken hawwe; sa binne der noch gâns oare dingen dêr't se út tradysje oan fêsthâlde, bygelyks it ôfwaskjen fan bekers, krûken en koperen reau.

Dêrom fregen de Fariseeërs en de wetlearaars Him: Wêrom hâlde jo learlingen har net oan 'e âlde tradysjes, mar ite se mei ûnsuvere hannen?

Hy antwurde harren: Mei rjocht en reden hat Jesaja oer jimme, komeedzjespilers, profetearre, sa't yn 'e Skrift stiet: Dit folk earet My mei de lippen, mar har hert is fier fan My ôf; it jout neat, dat se My earje, want se leare net oars as minskegeboaden.

It gebod fan God litte jim farre, mar jim hâlde fêst oan minsketradysjes. It is wat moais, sa't jimme it gebod fan God oan 'e kant skowe om jim tradysje yn eare te hâlden.

Ook de farizeeën en enkele van de schriftgeleerden die uit Jeruzalem waren gekomen, hielden zich in zijn nabijheid op. En toen ze zagen dat sommige leerlingen brood aten met onreine handen, dat wil zeggen, met ongewassen handen (de farizeeën en alle andere Joden eten namelijk pas als ze hun handen gewassen hebben, omdat ze zich aan de traditie van hun voorouders houden, en als ze van de markt komen, eten ze pas als ze zich helemaal gewassen hebben, en er zijn nog allerlei andere tradities waaraan ze zich houden, zoals het schoonspelen van bekers en kruiken en ketels), toen vroegen de farizeeën en de schriftgeleerden hem: 'Waarom houden uw leerlingen zich niet aan de tradities van onze voorouders en eten ze hun brood met onreine handen?' Maar hij antwoordde: 'Wat is de profetie van Jesaja toch toepasselijk op huichelaars als u! Er staat immers geschreven:

"Dit volk eert mij met de lippen, maar hun hart is ver van mij; tevergeefs vereren ze mij, want ze onderwijzen hun eigen leer, voorschriften van mensen."

De geboden van God geeft u op, maar aan tradities van mensen houdt u vast.' En hij vervolgde: 'Mooi is dat, hoe u Gods geboden ongeldig maakt om uw eigen tradities overeind te houden!

Mozes sei bygelyks: Earje jim heit en jim mem, en: Wa't syn heit of mem ferflokt, dy moat stjerre. Mar jimme sizze: As ien tsjin syn heit of mem seit: 'Korban' – dat betsjut: Alles dêr't ik jim mei skewiele kinnen hie, is offerjefte wurden, dan hoecht sa'n ien neat mear foar syn heit of mem te dwaan. Dêrmei litte jim it gebod fan God slûpe foar de tradysje dêr't jimme mar oan fêsthâlde. En soksoarte fan dingen dogge jimme net sa'n bytsje.

Doe rôp Er it folk wer by Him en sei: Harkje allegear ris nei My en begryp it goed: Neat wat fan bûten ôf yn 'e minske komt, kin him ûnsuver meitsje, mar wat fan binnen út 'e minske komt, dat makket him ûnsuver. Doe't Er by it folk weigien wie en yn 'e hûs kaam, fregen syn learlingen nei de bedoeling fan dy útspraak.

Hy sei: Soa, begripe jimme it ek net? Sjogge jimme net yn, dat al wat fan bûten ôf ta de minske ynkomt, him net ûnsuver meitsje kin, omdat it net yn syn hert komt, mar yn syn liif, en dat it der dan wer útgiet mei de trochgong? Sa ferklearre Er alle iten foar suver.

Fierder sei Er: Wat út 'e minske komt, dat makket him ûnsuver. Want út it hert fan 'e minske komme de ferkeardichheden: huorkerij, stelderij, moard, troubrek, gjirrigens, gemienens, ferrifelderij, lossinnigens, oergeunst, kwealaster, grutskens, ûnferstân. Al dy minne dingen komme fan binnen út en meitsje de minske ûnsuver.

Heeft Mozes niet gezegd: "Toon eerbied voor uw vader en uw moeder", en ook: "Wie zijn vader of moeder vervloekt, moet ter dood gebracht worden"? Maar u leert dat iemand tegen zijn vader of moeder mag zeggen: "Alles wat van mij is en voor u van nut had kunnen zijn is korban" (wat 'offergave' betekent), 'waarmee u hem niet toestaat nog iets voor zijn vader of moeder te doen, en zo ontkracht u het woord van God door de tradities die u doorgeeft; en u doet nog veel meer van dit soort dingen.' Nadat hij de menigte weer bij zich had geroepen, zei hij: 'Luister allemaal naar mij en kom tot inzicht. Niets dat van buitenaf in de mens komt kan hem onrein maken, het zijn de dingen die uit de mens naar buiten komen die hem onrein maken.'

Toen hij een huis was binnengegaan, weg van de menigte, vroegen zijn leerlingen hem om uitleg over deze uitspraak. Hij zei tegen hen: 'Begrijpen ook jullie het dan nog niet? Zien jullie dan niet in dat niets dat van buitenaf in de mens komt, hem onrein kan maken omdat het niet in zijn hart, maar in zijn maag komt en in de beerput weer verdwijnt?' Zo verklaarde hij alle spijzen rein. Hij zei: 'Wat uit de mens komt, dat maakt hem onrein. Want van binnenuit, uit het hart van de mensen, komen slechte gedachten, ontucht, diefstal, moord, overspel, hebzucht, kwaadaardigheid, bedrog, losbandigheid, afgunst, laster, hoogmoed, dwaasheid; al deze slechte dingen komen van binnenuit, en die maken de mens onrein.'

* Sjonge

Gelokkich is elk

TT 59

1. Ge - lok - kich is elk
 dy't earm is fan geast
 en ryk oan barm - her - tich - heid,
 min - sken graach treast.

2. Gelokkich is elk
dy't treuret om leed
Mar troch syn bliermoedichheid
helpt yn 'e need.

3. Gelokkich is elk
dy't suver fan sin
Mei wapens fan earlikheid
heechmoed oerwint.

4. Gelokkich is elk dy't
trochset as't moat
Oant sy yn gerjochtichheid
frede brocht hat.

5. Gelokkich is elk
dy't dêroan foldocht
En ús út 'e tsjusternis
bringt nei it ljocht.

6. Gelokkich is elk
dy't leaut sûnder mis
It Wurd dat yn minsklikheid
ús foargien is.

* Utlis

* Oargelspyljen

* Sjonge

O wiisheid, kom as rike taal

NFL 466: 1, 2 en 5

1 O wiisheid, kom as ri - ke taal!
It sied fer-kwynt, de frucht wurdt skraal,
op ier-de wint it kwea hurd oan,
de waan-sin fiert de bop - pe-toan.
O kom, o kom, Im - ma - nu-el!
Jou bli-dens oan jo Is - ra - el!

2. O kom, ús master en ús Hear
En toan jo majesteit en ear.
Ferljochte wolk en rinnend fjoer,
Sa geane Jo de ierde oer.
O kom, o kom Immanuel!
Jou blidens oan jo Israel!

5. O daagje no, Jo, iere moarn,
Sis ús it ljocht fan hope oan,
Ferjei ús nacht fan neare need
En meitsje ús de takomst goed.
O kom, o kom Immanuel!
Jou blidens oan jo Israel!

* As ynlieding op it gebet nochris it liet fan it YouTube filmke: *Herre wisa mig wägen*

* Gebeden: sprutsen gebet, romte foar stil gebet –

* Sjonge:

God fan fier en hein ús Heit

TT 229: 1-5

1. God fan fier en hein ús Heit.
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

2. Bûch de folken nei jo wet
lit jo ryk op ierde komme.
byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

3. Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

4. Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begaaren.
binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5. God fan fier en hein, ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen.

1 Fan Jo ha wy ûnt - fon - gen
 - sa haw - we Jo ús tocht -
 de jef - te om te sjon - gen
 fan wat jo leaf - de docht:
 de ie - ne min - ske is de oa - re
 or - near - re as ge - skink,
 sa - dat yn ús ak - koar - den
 ús tank oan Jo wjer - klinkt.

2. Al kin ik sels net sjonge omdat it my beset, It liet op oare tongen seit: God ferjit dy net! Troch azemneed befongen, of troch fertriet soms stil: Jo liet fan langst te sjongen hat my nei't ljocht ta tild.

3. It tsjuster kin ferblikke troch psalmen yn 'e nacht. De muorren kinne falle: sjong dan út alle macht! God, lit ek yn ús dagen de himelhege sang Ús heine en ús drage ús leave libben lang.

4. Us liet wurdt altyd droegen troch hoop dy't freze oerwint, It komt de eangst te boppe om't libben dat ferrint. It sjongt fan bliere fierten, - jo geastkrêft trunet ús oan - En skielk sil 't sûnder mjitte ek klinke foar jo troan.

* Seine

*Oanslutend op de seine sjonge wy mei-inoar op de wize fan NFL 103e:

Hear, wy freegje no, Jo seine op ús wei
 Hear, wy freegje Jo, wês mei ús eltse dei (2x)
 Amen

Wy dôvje de kears en nimme it ljocht yn ús hert mei nei hûs.

* Kollekte by de útgong foar *Edukans*

Edukans wurket oan mear skoallen, mear skoalbanken, mear blackboards, mear boeken en mear dosinten yn ûntwikkelingslannen

*** **

Meidielings foar de liturgy graach úterlik freed 12.00 oere mailen nei hannab@online.nl en_ellesfeenstra@outlook.com
 Boppesteande meidielings fine jo ek op www.doopsgezindenleeuwarden.nl
 Lieten (FR) oernaam út *Lietboek- sjonge en bidde thús en yn tsjerke* (Zoetermeer, 2015)
 Lieten (TT) oernaam út *Tuskentiden - Oanfoljend lieteboek by it lieteboek foar de Tsjerken* (Kampen, 2006)